

Mattéus 3: 1-12

1 En yn dy tiid oppenearre him Jehannes de Doper, dy't preke yn 'e Judeeske woastyn 2 mei it boadskip: Feroarje jim, want Gods hearskippij is no tichtby!

3 Want hy is it dy't troch de profeet Jesaja foarsein is:

It lûd fan ien dy't ropt yn 'e woastyn:

Meitsje it paad fan 'e Heare ree,

soargje dat syn wegen rjocht rinne!

4 En Jehannes sels hie klean oan fan kamielehier en in learen riem om 'e mul, en syn iten wie sprinkhoannen en wylde huning. 5 Doe reizge Jeruzalem en hiele Judéa en de hiele Jordaankrite nei him ta, 6 en se lieten har yn 'e Jordaen dope troch him, wylst se foar har sûnden útkamen.

7 Doe't er lykwols frijwat fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs op syn doop ta kommen seach, seid er tsjin har: Njirrebrod, wa hat jim ynflústere om te flechtsjen foar de grime dy't deroan komt?

8 Draach dan frucht dy't by dy feroaring past! 9 En tink mar net by jimsels dat jim wol sizze kinne: Wy hawwe Abraham as heit, want Ik sis jimme, God kin út dy stiennen dêr wol bern foar Abraham yn 't libben roppe. 10 En no al leit de bile tsjin 'e woartel oan fan 'e beammen, dat elke beam dy't gjin goede frucht draacht, wurdt omkapt en yn it fjoer smiten.

11 Ik doop jimme dan wol ûnder yn wetter, dat jim jim feroarje, mar dy't efter my oan komt, is sterker as my. Ik bin net iens goed genôch om syn sandalen fuort te bringen. Hy is it dy't jim ûnderdope sil yn hillige geast en fjoer. 12 En de wanne hat Er yn 'e hân en Hy sil syn hiele terskflier suverje en syn nôt yn 'e skuorre byinoar bringe, mar it tsjêf ferbarnt Er mei fjoer dat net út te krijen is.

Yn dit stik komme ferskate punten dy't earder al bepraat binne wer werom, mar is der foar it earst ek in dúdlik punt fan nijer teologysk ynsjoch dat fan belang is foar de oersetting.

wurden en tiidwurden

Om mei in detail te begjinnen, mar wol in detail dat oanjout dat jo mei bibeloersetten altyd skerp bliuwe moatte: yn 'e NFBO fan 1978 prekt Jehannes yn 'e woestyn. Mar yn it Gryksk stiet der dochs echt by, hokker woastyn (ik kies foar dizze stavering - foar de útspraak hoecht dat neat út te meitsjen fansels): it giet om 'e woastyn fan Juda, of *de Judeeske woastyn*. Ik wit net wêrom't dy oanfolling weilitten is yn 'e oersetting fan 1978, mar hy heart der fansels gewoan yn te stean.

In pear punten fan tiidwurden: it neieroan kommen fan 'e hearskippij fan God (it tradisjonele 'keninkryk') stiet wer oanjûn mei in tiidwurdsfoarm dy't it risseltaast of de tastân yn 'e *notiid* ûnderstreket. Ik haw besocht om dat wer te jaan mei *is no tichtby*.

In bysûnderheid fan it Frysk (en ek fan it Nederlânsk) is, dat wy de dan-tiid (it 'futurum') folle minder faak brûke as de klassike talen. Wy brûke dy eins allinnich om eksplisyt oan te jaan, dat in hanneling no noch net plak fynt, mar letter pas, of om in bedoeling oan te jaan: 'Moarn *gean* ik nei Ljouwert' - de oantsjutting 'moarn' jout al oan dat it om 'e takomst giet, dat wy brûke der gjin *sil* by. De sin 'Moarn *sil* ik nei Ljouwert' brûke wy, om oan te jaan dat wy dat fan doel binne.

Sadwaande haw ik yn 'e fers 11 en 12 it *sil* mei sin wol brûkt, omdat Jehannes dúdlik makket dat der ûnderskied is tusken syn eigen optreden en dat fan Jezus, dat noch yn 'e takomst leit. Mar as dat ien kear sein is ('Hy *sil* syn hiele terskflier suverje'), hoecht dat net alle kearen werhelle, dus dêrom it ferfolch mei 'mar it tsjêf ferbarnt er'.

wurdskat

Dit stik is ek in moai foarbyld fan in passazje, dy't dúdlik literêre trekjes hat. Sa't Jehannes de Fariseeërs en Sadduseeërs oansprekt is gjin strjittaal - hy brûkt just de taal fan 'e profeten, en dat is

byldzjende en soms sels dichterlike taal. Dêrom haw ik it skitterjende *Njirrebrod* fan 'e NFBO (en ek al fan Wumkes en Halbertsma, en letter fan Buma) stean litten. Jo kinne it faaks wol werjaan mei *Sikreten dat jim binne*, mar dan dogge jo de taal fan Mattéus echt te koart.

Sa is it ek mei de bylden dy't folgje. Fansels wiene dy yn dy tiid gewoaner as no, mar it bliuwe bylden dy't jo rjochtdwaan moatte en net ferfange troch wat oars. Dêrom wol *wanne*, *terskflier*, *tsjêf*. Ik wit ek wol, dat net folle minsken dêr direkt de betsjutting fan witte. Mar wy hawwe ek gjin oare wurden. As jo *seef*, *dorsflier* en *kaf* brûke soene, soe dat net wurkje, want *tsjêf* is net *kaf* wurden yn it Frysk - it wurd wurdt gewoan folle minder brûkt omdat de maatskippij feroare is, mar it is noch altyd *tsjêf*, en hjir komme wy it tsjin. Mar foar it âlde *dwêste* haw ik wol gewoan keazen foar *út krije* - want dat is in feroaring yn 'e taal sels.

wat bart der mei de beammen?

Elk ken fansels de útdrukking dat de bile oan 'e woartel leit, en dy útdrukking komt út dit bibelstik. Wêr't dy bile foar brûkt wurdt, hawwe wy dan ek wol in foarstelling by. Mar kloppet dy wol hielendal? Der binne útlizzers, dy wolle hawwe dat Jehannes it net oer *omkappen* hat, mar oer *útdollen*, dat wol sizze: de beam wurdt earst omlein, en dêrnei wurdt de stobbe safolle mooglik út 'e grûn wei dold. Dat de bile by de *woartel* leit, soe dêr dan in oantsjutting fan wêze.

Ik haw dêr lang mei omtyske, en bin der ek noch net earlik út. It kloppet hoe dan ek, dat de beammen net allinnich omseage, mar ek út 'e grûn dold waarden: it giet hjir om fruchtbeammen, dus beammen yn in hôf, en as dy gjin fruchten opsmite, nimme se fergees djoere romte yn. Sa'n beam moat derwei, krekt sa't in boer in ko dy't gjin molke jout foar de dea fuortdocht. De beam waard dan útgroeven, dat der in nijenien plante wurde koe.

Mar stiet dat ek mei safolle wurden yn 'e tekst? En moat it útdrukt wurde yn 'e oersetting? Wat de earste fraach oanbelanget: letterlik stiet der yn it Gryksk, dat de beam net *om-*, mar *útkapt* wurde moat. Mar neffens de wurdboeken is dat it gewoane wurd foar it omlizzen fan in beam mei in bile. Jo slane de beam nammentlik *út* 'e bosk of *út* it hôf. In twadde argumint soe wêze kinne, dat it wurd foar 'bile' ek in 'houwiël' oantsjutte kin. Mar kinnen is fansels gjin moatten. As lêste soe in rol spylje kinne, dat de bile (of it houwiël) by de *woartel* fan 'e beammen leit, as oantsjutting fan it doel dêr't dat stik ark ta brûkt wurde sil. Mar just it meartal *beammen* makket my dan erchtinkend: *ien* bile kin fansels net by de woartels fan *mear* beammen lizze, mei oare wurden: wy kinne dit net letterlik lêze, it giet om it byld: foar *alle* beammen komt it der no op oan, de bile leit by wize fan sprekken foar *allegear* al klear.

Dat sadwaande haw ik derfoar keazen om mei de oersetting hjir yn it tradisjonele spoar te bliuwen. In ekstra argumint dêrfoar is neffens my, dat jo it wurd 'omkappen' ek brûke foar it hiele proses fan omkappen oant en mei it útdollen fan 'e stobbe en it ôffieren fan 'e resten. As in beamker seit fan 'Kap dy beam mar om', dan is de hofker noch net klear as de beam oer de grûn leit.

Noch oer it ferfolch: it bysûndere is, dat dat hjir yn it Gryksk just net yn in takommende tiid stiet. Wy lêze it suver automatysk as in foarsizzing, in drigemint, omdat wy de takommende tiid folle minder brûke. Mar foar Grykske earen wurdt hjir net drige, der wurdt meidiel dat it hiele proses fan omkappen en opbarnen al geande is! Hie dat yn 'e oersetting mei safolle wurden útdrukt wurde moatten? Op 'en nij: nei gâns hinne-en-werjen haw ik derfoar keazen om it net te dwaan. Mar ik hear graach oare mienings!

dopen

Dan no in punt dat wy tichter by de téology komme. Wy binne wend dat de minsken by Jehannes komme om doopt te wurden. Foar ús, alteast foar minsken mei in tsjerklike eftergrûn, is dat in hiel gewoane útdrukking. Mar yn 'e tiid fan Jehannes wie it dat net. De doop wie op himsels in bekend ferskynsel, dat yn ferskate godstsjinsten wol plakfûn, meast as reinigingsritúeel. Mar - yn al dy godstsjinsten, ek yn it Joadedom, wie it no just gjin wizâns om doopt te *wurden* - jo doopten *josels*! De doop wie in ritúele ûnderdompeling, dy't jo sels útfierden, en der stie net ien by dy't jo doopte.

It fernijende fan Jehannes is dus net, dat de doop foar him in wichtich ritúeel is, mar dat hy sels aktyf as *doper* optreedt - en dat oaren by him komme om harsels troch him dope te *litten*. Dat is ek presys wat der yn it Gryksk stiet: de minsken komme net om doopt te *wurden* - dat begryp koene se noch net - mar om harsels troch Jehannes dope te *litten*. Der sit dus in aktyf èn in passyf illemint yn 'e doop fan Jehannes, en dat is ek téologysk fan belang. Jehannes freget om minsken dy't har feroarje (neffens my de bêste wjergader fan it âlde begryp 'bekearing'), en as teken dêrfan litte dy minsken har yn wetter ûnderdope: se meitsje sels in nij begjin - en as se dat net dogge, wol Jehannes dus ek net oan har dopen meiwurkje!

(Tusken heakjes: fierderop yn it haadstik stiet yn it Gryksk dan al wer letterlik dat Jezus komt om doopt te *wurden*. Mei oare wurden: Jezus docht net itselde as de oare minsken dy't by Jehannes kamen, mar syn doop hat in oare betsjutting. Gjin niget, dat Jehannes dêr earst net folle fan begrypt.)

De doop by Jehannes is dus net itselde as it ritúeel dat wy kenne, en just dêrom fûn ik it net ferkeard om yn fers 11 de fysike hanneling noch wat mear te ûnderstreekjen: *Ik doop jimme ûnder*, en Hy dy't komt *sil jim ûnderdope*.

sandalen

As lêste in lyts detail: wat fynt Jehannes no krekt dat er net weardich is om mei Jezus syn sandalen te dwaan? It Grykske tiidwurd betsjut yn prinsipe net mear as 'tille' of 'drage'. Mar as jo wat tille, dogge jo dat altyd mei in doel. De NBV set kleurleas oer mei 'om zijn sandalen voor hem te dragen'. Mar wêrom soene jo foar ien de skuon tille? De measte oersettings dy't de lêste tiid yn Nederlân ferskynd binne, jouwe dêrom sokssawat as 'bringe' (Willibrord, Grinslanner Bibel) of 'neidrage' (NBG 1951, Twintse Bibel, NB, HSV), en dat docht de NFBO ek. Dêr sit wat tsjinstbers yn: as in foarnaam persoan de doar út giet, moat er syn sandalen hawwe, en in slaaf hellet dy foar him op.

Mar der is noch in oare mooglikheid. As dyselde foarname persoan nammentlik wer binnendoarren giet, by himsels of by in oar, dan moatte dy sandalen wer út. Alle smoargens fan 'e ûnferhurde strjitte sit der nammentlik oan, en dêrmei rinne jo net by in oar de keamer yn. It útdwaan en fuortbringen fan 'e skuon wie ek wer slavewurk, mar no net allinnich needrich, ek smoarch en goar wurk dêr't minsken in ôfkear fan hiene. Yn it easten is it noch altiten in útdrukking 'noch minder respekt foar ien hawwe as foar jins eigen skuon' - en dan is it wol hiel slim.

Neffens my brûkt Jehannes dy sterke útdrukking: sels it goarste wurk dat er foar Jezus dwaan kinne soe, fynt er himsels noch net goed genôch foar - en dat is syn sandalen fuortbringe as er thúskomt. Op dat spoar sitte Buma ('útdwaan'), GNB 1996 ('aanpakken') en BGT ('uitrekken'), mar dy fokusje dan op it *útdwaan* of it *oankrijen* fan 'e sandalen. Mar der stiet dochs echt in tiidwurd dat safolle as 'tille' betsjut, en wat is der dan logysker as dat it hjir om it *fuortbringen* fan smoarge sandalen giet?